



# **IT DINER**

(Het diner)

**Nei de roman fan Herman Koch**

**door**

**KEES PRINS**

**Fryske oersetting**

**Baukje Stavinga**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IT DINER- HET DINER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **KEES PRINS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Paul

Claire

Serge

Babette

Ober

Paul: Dit is der bard. Dit binne de feiten.

Op in nacht binne trije jonges nei in feest ûnderweis nei hûs. Twa fan de jonges binne broers.

Ien fan de jonges is adoptearre. De tredde jonge is harren neef.

De jonges binne op it idee kommen om noch in bierke te drinken yn in kafee. Mar omdat se net folle jild mear ha moat der earst pind wurde.

Se fine in pinautomaat. It is sa' n type pinautomaat mei in glêzen bûtendoar. De echte pinautomaat is binnen, yn in hokje.

Ien fan de broers sil jild pinne. Mar dan komt er daliks wer nei bûten ta. Dêr binnen, seit de broer, dêr leit ien. Te sliepen. Yn in sliepsek.

Se sjogge. Wat in lucht! De neef begjint oan de sliepsek te lûken.

'Ik gean' seit de adoptearre broer, ik ha hjir gjin sin oan'. Hy stapt op syn fyts en giet fuort.

'Lit him mar gean', seit de neef. Hy skopt tsjin it fuottenein oan.

'Hee, wekker wurde'!

Ut de sliepsek komt lûd. 'Soademiterje op'! De jonges skrikke. It klinkt as in frou.

'Soademiterje op! Kloatsekken!'

'Hâld dyn kop'! seit de neef.' Kop hâlde', sis ik.

Hy jout in skop tsjin de sliepsek. Mar hy sjit út en rekket de frou ûnder har noas. Der is bloed.

De broer lûkt de neef mei nei de doar. Kom op, wy gean fuort.

'Ik skeat út', sei de neef. 'Fansels', sei de broer.

'Jezus, lit har de kop hâlde'! Dan moatte se ynienen laitsje. Se binne slop fan't laitsjen. It is net mear tsjin te hâlden. Se moatte steun sykje tsjin de muorre oan en dêrnei sykje se steun by elkoar. By in beam steane in pear jiskepûden en ek noch wat oar guod.

Se laitsje noch hieltyd as se in âlde burostoel oppakke. Se goaie him nei binnen, nei de sliepsek.

'Fize, smoarge rothoer'! Dan pakke se in burolampe en ek noch twa folle jiskepûden.

De earste jiskepûde treft har fol yn it gesicht. De neef goait de burolampe. De twadde jiskepûde sylt tsjin har holle oan.

'Stomme hoer, gean dan ergens oars lizzen te maffen! Sykje wurk'.

Wer binne se slop fan it laitsjen. De neef rint nei de beam ta mei ôffal. Der stiet in lege jerrycan.

'It stjonkt dêr, seit de neef, wy sille de boel útrikje. De neef goait de lege jerrycan it hokje yn.

Dan pakt er in oanstekker. In Zippo. Hy goait de baarnende oanstekker nei binnen.

In ljochtfliits. De jerrycan eksplodearret. De dakleaze frou is op slach dea. De jonges meitsje dat se fuort komme. Wat se op dat stuit net witte is, dat in kamera alles filme hat. Mar foarearst binne de jonges net te herkennen. In wike letter wurde de bylden útstjoerd yn it programma Opsporing Verzocht. No, trije wike letter, is der noch gjin inkele brûkbere tip binnen kommen.

It liket der op dat dizze saak noait oplost wurde sil. Net ien hat de jonges herkend. Net ien.

Behalve ik. Ien fan de jonges op dy bylden is myn soan, Michel. De oare is Rick, de soan fan myn broer. Ik ha mei de jonges praat. En ik ha se besward om it stil te hâlden.

Net ien hat se herkend, net ien hoecht it te witten. Sels myn eigen frou, Claire, wit nergens fan.

Ik ha sein: sa lang as jim jim stil hâlde, kin der neat gebeure. Wy wachtsje oant it libben wer yn syn gewoane dwaan is. Oant de saak as net oplost yn de kasten ferdwynt. En elk it fergetten is.

Claire: Wolsto hjir net sitte?

Paul: Wat?

Claire: Mei de rêch nei de muorre ta?

Paul: Nee, gean do mar sitten.

Claire: Mar dêr sitsto toch it leafst?

Paul: Jûn net.

Claire: Bist der wis fan?

Paul: Jûn wol ik allinne dy sjen (*se geane sitten*) Wy hienen noch letter komme moatten.

Claire: Wy binne al in heal oere te let.

Paul: Ik ha der gjin sin oan.

Claire: Wat?

Paul: Om se te sjen as se der aanst yn komme. Dat hie ik ús besparje wollen.

Claire: Leave..

Paul: Dat gerommel by de yngong. De gasten dy't dogge as soe der neat oan' e hân wêze, dy't foaral drok yn gesprek bliuwe. Mar elk hat it sjoen en murken: Serge Lohman is binnen (*in ober komt by harren taffeltsje*)

Ober: Jûn. It aperityf fan it hûs is hjoed rôze sjampanje.

Claire: Lekker.

Ober: Foar mynhear ek?

Paul: Dogge jo mar.

Ober: En op' e tafel fêst wat, om yn de stemming te kommen. Dit binne Grykske oliven út de Peloponnesos, licht besprinkele mei in earste

rispinge ekstra virgine oliifolje út Noard Sardinie en ôfmakke mei roazemaryn út..

Paul: Ofmakke?

Ober: Ja, ôfmakke. Dat wol sizze..

Paul: Ik wit wat ôfmakke is. Ik wit dat it net betsjut dat de oliven ôfmakke binne. Sa as yn 'del knald' of 'dea sjitten'.

Ober: Nim my net kwea. Sa hie ik it noch noait besjoen. Yn elk gefal is de roazemaryn út eigen tún. Ik helje jo sjampanje (*hy rint ôf*)

Paul: Dat pak.

Claire: Leave...

Paul: Ja, nee. Ik fyn it nuver. Dêr is oer neitocht. Do wolst my toch net fertelle dat der net oer neitocht is? En hast sjoen dat er de hele tiid mei syn pink wiist? (*Claire nimt in oliif*)

Claire: Mmm. Hearlik. Allinne spitich datst priuwst dat dy roazemaryn te min sinne hân hat (*se slane beide de menukaart iepen*)

Paul: Hoe fielt dy?

Claire: Goed.

Paul: Gjin lêst?

Claire: Nee.

Paul: Moai sa.

Claire: Soe it net fijn wêze?

Paul: Wat?

Claire: As se net opdaagjen komme. Babette en Serge. Hienen wy de hele jûn foar ús allinne.

Paul: Ferjit it mar. Se komme wol. Serge hat sels reservearre. Meitsje dy gjin soargen, sei er, se witte dêr wa't ik bin, ik regelje wol in taffeltsje. Hy wol. hy hoecht gjin seis moanne fan tefoaren te reservearjen. As se de namme Serge Lohman hearre, springe alle doarren iepen (*de ober komt mei twa glêzen sjampanje*)

Ober: Sjogge jo es. Twa kear rôze sjampanje. De olyfkes hie ik al útlein, hin?

Paul: Ja.

Ober: Dat is ek sa. Smaaklik (*ober ôf*)

Claire: No, proast dan mar. Op ús.

Paul: Op ús gelok.

Claire: Paul?

Paul: Mmm?

Claire: Hasto dat ek?

Paul: Wat?

Claire: Ik wit it net, mar ik ha de lêste tiid de yndruk dat Michel frjemd docht.

Paul: Frjemd?

Claire: No ja, net frjemd, mar oars as normaal. Ofhâldend. Fynsto dat ek?

Paul: Hoe sa?

Claire: Hat er tsjin dy neat sein?

Paul: Wêr oer?

Claire: No ja, jim prate tegearre wer oer oare dingen as Michel en ik. Miskien is it wat mei in famke? Wat er makliker oan syn heit fertelt dan oan syn mem? Is it wat mei famkes?

Paul: Nee, ik leau net dat it wat mei in famke is.

Claire: Net?

Paul: Nee, ik tink earder dingen mei skoalle. Hy hat krekt dy proefwurk wike achter de rêch, neffens my is er gewoan wurch. Ik tink dat er it wat ûnderskat hat, hoe swier it is yn de fjirde klasse.

Claire: Miskien is dat it.

Paul: Tinkst net?

Claire: Soe kinne. Ik fyn allinne dat wy der beide op passe moatte dat Michel ús op in bepaald momint helendal neat mear fertelt. Dat wy dêr oan wend reitsje, bedoel ik.

Paul: Nee, fansels. It is allinne dat er op dizze leeftyd in bytsje rjocht op geheimen hat. Hy hat in kear in bal troch it rût fan de fytsewinkel trape.

Claire: Michel?

Paul: Jierren lyn. Hy wie acht. Wy binne tegearre nei de winkel gien. Ik woe dat rût betelje. Mar de eigner naam der gjin genoegen mei. Hy skold oer al dy rotjonges dy't dei yn dei út foar de doar fan syn winkel oan it fuotbaljen wienen en de bal mei sin tsjin it rût skeaten. Ik sei 'Och, hâld dyn kop, ik kaam hjir mei myn soan om dy jild oan te bieden foar dyn kloaterút, net om dyn geouwehoer oan te hearren oer fuotbaljende bern. Mar no betelje ik neat mear. Do sjochst mar hoe ast oan it jild komst.'

Claire: En doe?

Paul: 'Ik lit my troch dy net misledigje', sei er en hy komt achter dy toanbank wei. Dus ik pak in fyts pomp dy't dêr stiet en ik sis: 'Do kinst mar better stean bliuwe wêr' st stiest. It is no noch allinne in rût. Wat kostet dy trouwens?' Twahûndert euro. Dus ik lis twa briefkes fan hûndert op' e toanbank. 'Dit is it, sis ik, 'dit is wêr't ik foar kaam. Net om dyn geseik oer fuotbaljende jonkjes oan te hearren.'

Claire: En Michel? Hoe reagearre hy?

Paul: Hy moast skrieme. Dus ik lei him út dat er net fertrietlik hoegde te wêzen. Dat er neat ferkeard dien hie. Doe frege er nei dy.

Claire: Ja ja.



Paul: Hy woe nei dy ta. Dus ik sei: 'Sille wy dan fluch nei mem gean? Sille wy mem alles fertelle wat wy tegearre dien ha?'

Claire: Mar...

Paul: By de foardoar, flak foardat wy nei binnen soenen, sjocht er my oan. En hy freget: 'Heit, woesto dy mynhear echt slaan. Mei dy fyts pomp?' Ik sis: 'Moast harkje, dy man is gjin mynhear. Dy man is gewoan in stik stront. En it giet der net om as ik him echt in knal foar syn kop jûn hie mei dy pomp, it giet der om dat hy tocht dat ik him slaan soe, dat wie al genôch.' En Michel seach my oan, hy skriemde al net mear en doe knikte er stadich mei de holle. En doe ha ik betocht om it dy net te fertellen.

Claire: Mar wêrom hasto dat noait ferteld?

Paul: Ik sei: 'Sille wy dat fan dy fyts pomp net oan mem fertelle?' En doe knikte er wer. Dy jûns brocht ik him op bêd. Ik tute him wolterêsten en ik woe it nachtlampke al út dwaan. En doe sloech er syn earmen om myn nekke. Ik drukte syn holle tsjin myn boarst en hy sei: 'Heit, leave heit.' It fiede sa goed. Om wat allinne mei Michel te dielen. Heit en soan ûnder elkoar. Kinst dy dat foarstelle?

Claire: Fansels leave. Ik kin my dat heel goed foarstelle. Ik snap bêst datst it foar dysels hâlde woest. Ik fyn it net slim.

Paul: Dat docht my goed.

Claire: Wy hoege toch net alles fan elkoar te witten om gelokkich te wêzen?

Paul: Witst wat hjir stiet?

Claire: Wat?

Paul: Witst wat hjir stiet? "Aperityf fan it hûs, 10 euro".

Claire: Ja?

Paul: Dat is toch nuver? Dy man seit tsjin ús: de aperityf fan it hûs is hjoed in rôze sjampanje. Wat tink je dan? Dan tink je toch dat se dy de rôze sjampanje oanbiede, of bin ik no gek? As wat fan it hûs is, dan krijst it toch? Kinne wy noch wat oanbiede fan it hûs? Dat kostet dan gjin 10 euro, mar helendal neat.

Claire: Nee, net altyd. As der op in menukaart stiet: hús Wyn. Wyn fan it hûs, dat wol dochs net sizze datst dy wyn fergees oanbean krijst?

Paul: Okee, okee, dat is dúdlik. Mar dit is wat oars. Hjir ha ik noch helendal net op de menukaart sjoen. Hjir set ien yn in trijedilich pak in slop skaaltsje oliven foar dyn noas en fertelt dêrnei wat hjoed it aperityf fan it hûs is. Dat is toch op syn minst ferwarrend? Dat komt earder oer as soe it dy oanbean wurde dan datst der 10 euro foar deltelle moast? Tsjien euro! Litte wy it omdraaie. Soenen wy in gleske sloppe rôze sjampanje besteld ha as wy fan tefoaren op' e kaart sjoen hienen dat it tsien euro koste?

Claire: Nee.

Paul: Dat bedoel ik. Do wurdst der dus gewoan ynluze mei dat gelul oer 'fan it hûs'.

Claire: Ja.

Paul: Wat?

Claire: Nee, ik hâld dy net foar de gek. Do hast helendal gelyk. It is yndie wat oars as wyn fan it hûs. Ik sjoch no watst bedoelst. It is gewoan raar. It liket hast as se dat mei sin dogge, dat se sjogge datst der yn trapest.

Paul: Ja toch? Ober!

Claire: Paul.

Paul: Wat?

Claire: Net dwaan.

Paul: Wat?

Claire: Lit gewurde.

Paul: Mar do fynst it toch ek belachelik?

Claire: Ja, mar ik ha gjin nocht oan herje no.

Paul: O?

Claire: Wy moatte de hele jûn noch. Mei dyn broer en Babette. Wy krije it al dreech genôch.

Paul: Hoe bedoelst?

Claire: Gewoan, sa as ik it sis. It is toch altyd in opjefte om mei harren te iten?

Paul: Okee. Litte wy dan noch even genietsje fan elkoar.

Claire: Te let.

Paul: Wat?

Claire: Dêr binne se.

Paul: Sjoch de ober. Nimt persoanlik de jassen oan. Wêrom die er dat net by ús? Hy wol witte litte dat er de takomstige minister presidint ken.

Claire: Leave. No even ophâlde.

Paul: Wat?

Claire: Silst de hele jûn sa dwaan?

Paul: Hoe dwaan?

Claire: Sa ast no dochst?

Paul: Nee, fansels net.

Serge: Claire! *(Serge en Claire omearmje elkoar)*

Paul: Babette.. *(Babette en Paul jouwe elkoar trije tuten)*

Babette: Do sjochst der goed út.

Serge: Paul *(Serge jout Paul in hân)*

Paul: Hoi Serge. Alles goed? *(se gean sitten. De ober is mei harren mei rûn)*

Ober: It aperityf fan it hûs is hjoed in rôze sjampanje.

Babette: Mmm, sjampanje.

Serge: No, klinkt goed.

Ober: Foar jo beiden dwaan?

Paul: Mar wachtsje even..

Claire: Paul...

Babette: Wat?

Paul: Neat. It is hearlik.

Ober: Ik helje it foar jo op (*de ober giet ôf*)

Serge: Sa. Sorry dat wy wat let binne. Wy hienen wat opûnthâld ûnderweis.

Paul: O? Ferfelend?

Babette: Nee hear. Wy ha ûngefear tweintich minuten by in tankstasjon stien. Serge moast belje.

Serge: It wie belangryk.

Babette: Dat mei ik hoopje.

Claire: Giet it goed mei dy, Babette?

Babette: Kin net better.

Claire: O?

Babette: Ik bin wer oan it sporten. Op' e sportskoalle.

Serge: Hoe fynst har?

Claire: Geweldich.

Babette: Der kinne wol wat pûntsjes ôf.

Serge: Fyn ik net hear. Mar wa bin ik?

Babette: Fyn ik ek Serge. Do seist it net, mar do fynst it wol.

Claire: Mar wat mear bewege is altyd goed ,fansels.

Serge: No, my krijst dêr net.

Paul: O? Fertel es.

Serge: Dy muzyk. Ik wurd gek fan dy muzyk. Sels yn de sauna is muzyk.

Babette: Dat fyn ik krekt fijn.

Serge: Ik bin leaver bûten. Lekker allinne drave. Frisse lucht. Allinne ik en de natoer. Rinsto noch wol es Paul?

Paul: Al sân jier. Trije kear yn' e wike. Ik leau dat ik dy op it idee brocht ha.

Serge: Is dat sa? Dat wit ik net mear.

Paul: Doe' sto it altyd wat minachtsjend hiest oer dat draven fan dyn grutte broer.

Serge: Ha ik dat sein?

Paul: Do woest der neat fan witte.

Serge: No ja, hoe dan ek...Mar dat giet wol?

Paul: Wat?

Serge: Dat rinnen. Mei dy rêch fan dy.

Paul: Ja hear.

Serge: Nergens lêst fan?

Paul: Nee.

Claire: Hy docht it kalm oan. Hin Paul?

Serge: No, des te better *(de ober komt mei twa glêzen sjampanje)*

Ober: Sjogge jo es. Twa kear sjampanje rosé.

Serge: Hearlik.

Ober: En op' e tafel wat Grykske oliven mei oliifoalje út Noard Sardinie, en ôfmakke..

Paul: Ik sis neat.

Ober: ..ôfmakke mei roazemaryn út eigen tún.

Serge: No, proast dan mar.

Babette, Paul, Claire: Proast.

Serge: Wienen jim der al lang?

Claire: Falt wol mei.

Paul: No, al in dik healoere.

Babette: O ja? *(Babette sjocht nei Serge. Serge docht at der neat oan' e hân is. Der falt in stilte. Dan: )*

Babette: Binne jim al nei de nije Woody Allen west?

Serge: Ja! In masterwurk.

Babette: In masterwurk. Jim moatte him echt sjen.

Claire: Wy binne al west. Ik fûn it in geweldige film. Sels Paul fûn him goed. Toch, Paul?

Serge: In masterwurk, toch? Nee, echt fantastysk. En dy Scarlett Johansson mei my op alle tiden fan de dei in bakt aaike bringe. Man, o, man, wat in beauty is dat, sis.

Paul: O. do hast dus foaral nei de tietten fan Scarlett Johansson sitten te sjen. Of bedoeldest wat oars mei in masterwurk?

Serge: Kom no, Paul, net sa heilich! It is toch gewoan in lekker wiif, in man hat toch eagen yn syn kop?

Paul: Ik fyn Scarlett Johansson ek in hele moaie frou. Mar it kaam in bytsje oer datsto dat it belangrykste fan de hele film fûnst; moast my mar ferbetterje as ik it ferkeard sjoch.

Serge:

No, it giet mei dy, hoe hjit er, dy Ingelsman, dy tennislearaar wol helendal de foute kant op omdat er har net út syn holle sette kin. Hy moat har sels deasjitte om syn doel te ferwezenlikjen.

Babette: No! Dat moast net sizze. Dan is it ommers helendal net leuk mear ast him noch net sjoen hast? O, shit, ik sit leau' k te sliepen, jim hienen him ommers wól sjoen.

Claire: Ja. Dizze wol. Wy geane net sa faak mear nei de film. Dat is der wat ynslûpt doe't Michel berne waard. Dêr foar gienen wy wol trije kear yn' e wike.

Serge: Och, ja. No, wy probearje toch minstens ien kear yn' e wike te gean.

Babette: Probearje, ja. Dat seist goed.

Serge: Ik ha it drok.

Babette: Ja, do hast it drok (*de ober ferskynt oan' e tafel*)

Ober: Nim my net kwea ôf. Ik seach al wat lege gleskes. Wolle jo noch wat drinke? Noch wat sjampanje?

Paul: Ek fan it hûs?

Ober: Pardon?

Serge: Nee, it wie hearlik hear, mar mei ik fêst in wyntsje foarstelle? Se ha hjir in geweldige Chablis. Dat liket my in perfekt begjin. As jim it der mei iens binne.

Paul: In Chablis.

Serge: Ja, neat bysûnders fierder hear. Gewoan in geweldige Bourgogne. Fan de Beaunois drúf. Eins gewoan in Chardonnay, mar se rypje dat yn stielen fetten en net yn iken fetten. Dêrtroch draacht de drúf de wyn en net it hout. Jout in frissere en lichtere smaak dan wat jim nei alle gedachten kenne as in Chardonnay. Dizze is droech, mar mei in protte fruit. It is fansels noch gjin Cru, mar hy docht net ûnder foar syn gruttere broerkes. Of suskes, dêr wol ik ôf wêze.

Paul: Wyn is neffens my manlik : Le Vin.

Serge: Broerkes dan. Dwaan?

Paul: Do bist de kenner.

Serge: Dogge jo mar ien.

Ober: Ik helje him even foar jo (*de ober rint fuort*)

Serge: Ik bin dêr in kear west. Mei wat freonen. Witsto it noch, Babette?

Babette: Wêr?

Serge: It doarpke. Chablis.

Babette: Do bist sa faak mei freonen dy kant op west. Is dat yn it Loire dal?

Serge: Nee, nee, de Cote d'Or. De Bourgogne (*de ober ferskynt mei in flesse wyn*)

Ober: Sjogge jo es.


Serge: Lit es sjen...Ja, dat is him. En is hy net te kâld?

Ober: Tolve graden.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**